



## Personiel fan Halbertsma yn Grou 75 jier ferlyn'

Fan 't jier bestiet de Halbertsma-fabryk yn Grou njoggentich jier. Der binne no sa'n fjouwerhûndert minsken yn 't wurk, mar 75 jier ferlyn wiene dat noch lang safolle net. Dat docht bliken út bygeande foto fan it personiel fan Halbertsma, dy't yn 1906 makke is. Der wiene doe mar in lytse fyftich wurknimmers. De foto krige de redaksje tastjoerd fan frou S. Keidel-van der Goot (83) fan Easterwâlde.

Hja hat jierrenlang mei har man op in pleats oan de Biggema yn Grou wenne. Alle arbeiders op de foto hat hja noch kennen. De iennichste, dy't noch yn libben is, stiet as seisde fan lofts yn de boppeste rige. Dat is de no goed njoggentichjierrige Jan

Deelstra, dy't tsjint wurdich yn it Grouster fersoargingsstehûs Nij Friesmahiem wennet. De oare wurknimmers fan Halbertsma wiene:

Boppeste rige fan lofts nei rjochts: Gerrit Sytema, Gjalt Smit, Sjoerd Boerke, Oebele

Bruinsma, Herre Nijdam, de al neamde Jan Deelstra, Minne de Jong, Albertus Visser, Hendrik Hoeneveld en Sipke Postma.

Twadde rige: Roel Visser, Jochum van der Wal, Klaas Bylsma, Sake Sytema, ?, Sjoerd Piekema, Hendrik Roelvink, Sietse Duiker, Dirk Dykstra, Jan de Haan, ?, Sake Roodbergen, Marten van der Veer, Teade Hilverda en Hidde Sytema.

Tredde rige: Dirk van der Veer, Pieter Jonker en Jisk Zuiderlaan.

Fjirde rige: Marten Hoeneveld, Wiepke van der Schaaf, Wietse Postma, Jan Sjoerdsma, Gerben Boonstra, Greuld Roodenburg, Jacob de Winkel, Jan Gorter en Jan Stellingwerf

Fyfte rige: Tinus Sytema, Stoffel Lantinga, Kornelis de Jong, Marten Kuipers, Pieter Roodbergen, Pieter Lantinga, Anne Hoeneveld, Douwe de Wind en Anne Postma.

Alde foto's mei in beskriuwing bliuwe wolkom by Frysk en Frij, Postbus 29, 8900 AA Ljouwert.